



Yn Easternijtsjerk

Fergrutte doarpshûs 'De Terp' mei it lieden fan de 'bar-bel' iepen

17 Oktober 1986

Troch it iepenjen fan de nije, lûdtichte doar fan de grutte seal nei de hal en it lieden fan de 'bar-bel' hat Jaap Berga ferline wike it fernijde en fergrutte doarpshûs 'De Terp' yn Easternijtsjerk wer yn gebrûk steld nei in ferbou-perioade fan in heal jier. Dat de hear Berga dy eare tafoel, lei him oan it feit dat Berga de earste behearder fan it doarpshûs west hat, fan 1965 oant 1972. In muoilikke tiid foar it doarpshûs om't it doe syn bestearsjocht noch fine moast.

It grutte selskip folge doe de âld-behearder nei de nije seal, plak biedend oan in goeie hûndert man. Dat oantal siet der dizze middei ek wol, want doe't foarsitter Jaap Dijkstra in offisjeel iepeningswurdsje útspruts, wie de seal grôtfol.

Dijkstra hold de oanwêzigen foar dat de earste plannen foar it fergrutsjen fan 'De Terp' al 15 jier lyn makke binne. Yn 1973 hat der sels al in bou-tekening foar west. Lykwols it siet altiten fêst op de sinten. Oant yn 1983 De Lauwerskrite syn wurk begûn yn ús omkriten. Ek dêrnei moasten der in protte muoilikheden oerwûn wurde, mar dan wie der altiten wer de stipe fan Sicko Heldoorn en Tom Vellinga, de beide meiwurkers fan it projektburo De Lauwerskrite.

Lang

Boargemaster Sijbesma, sels lid fan de Kritekommissje, gie fierder yn op de rol fan De Lauwerskrite. 'Er is waarskjinlik geen projekt dat de Streekkommissie van

De Lauwerskrite zo lang heeft bezig gehouden, dat zoveel moeilijkheden heeft gekend om het financieel rond te krijgen als juist het dorpshuizenprojekt.

De in 1984 gevormde bouwcommissie was nauwelijks gestart of er moesten al plannen ingediend worden om in aanmerking te komen voor de terugploegregeling in het kader van Bouwen Werkt. Helaas werd de rijksbijdrageregeling steeds gewijzigd en uitgesteld. Wat zijn we teleurgesteld en kwaad geweest toen uiteindelijk bleek, dat, na anderhalf jaar wachten, het niet door zou gaan', aldus de burgemeester.

Trochsette

De Lauwerskrite naam it beslút om troch te setten sûnder WVC, en de Provinsje, de gemeente en de Lauwerskrite namen it ûntbrekkende part fan de finânsjes foar harren rekken.

'Van doorslaande betekenis daar bij was misschien wel dat het dorp Oosternijkerk er in slaagde om haar eigen bijdrage van f 15.000,- op te trekken tot f 40.000,-. Lof voor het doorzetten van het dorp in deze zaak, immers het dorpshuis moet gedragen worden door het dorp zelf!' Boargemaster Sijbesma konstatearre dat Nijtsjerk krekt op 'e tiid west hat en hope dat it stipe-belied ek foar de oare doarpen yn de gemeente, dy't falle ûnder de Waadkrite, fan betsjutting wêze sil. De Lauwerskrite hat noch in jier te gean mar no al kin fan in grut súkses sprutsen wurde. Mei de 1 miljoen gûne dy't beskikber wie, is al 15 miljoen gûne aktivearre, losmakke út alderhande boarnen.

De boargemaster hope dat 'De Terp' 'ook in de toekomst een middelpunt voor het dorp en een vluchtheuvel voor iedereen mag zijn' en bea it bestjoer fan it doarpshûs ta beslút in Dongeradiel-flage oan.

Multi-funksjoneel

De hear Renkema fan de Stifting Doarps-huzen Fryslân gie yn syn foardracht mear yn op de funksje fan de doarpshuzen. Wie in doarpshûs yn it ferline mear in lege huls, in lege akkommodaasje, dêr't wol aktiviteiten op ôf kamen, hjoed-de-dei moatte de bestjoeren fan doarpshuzen witte wat de minsken yn it doarp wolle en dêrop ynspylje.

Se moatte aktiver wêze. Troch de besunigings, dy't net mear tastean dat foar bepaalde aksjes ek bepaalde akkommodaasjes boud wurde, sille gebouwen lykas doarpshuzen hieltiten mear multi-funksjoneel wurde. Hy seach yn de toekomst in wichtiger taak foar de doarpshuzen weilein.

De fertsjintwurdiger fan Doarpsbelang, Piter Post, lokwinske it bestjoer fan it doarpshûs ek mei de útwreiding, mar frege ek it omtinken foar de klachten en opmerkings dy't wolris op it doarpsbelang ôfkomme. 'Lit elk mei plesier nei it doarpshûs takomme kinne', sei hy, 'meitsje it net al te kommersjeel. Lit it doarp en de doarpsminskens profitearre fan dizze ferbettering'.

Ek foar 'anders-aktieven'

De hear De Vries frege, út namme fan de

CNV, de oandacht fan de oanwêzigen foar de 'anders-aktieven' út dizze omkri-ten. Hy hope dat 'De Terp' ek foar dizze minsken, gauris troch it regear yn 'e steek litten, in skûlplak wêze mei as yn de toekomst aktiviteiten foar dizze minsken organisearre wurde.

Ut namme fan de muzykferiening U.D.I., faaks de grutste brûker fan de nije seal, sei foarsitter Sieb Bijland, dat er bliid wie dat hy as foarsitter nei ôfrin fan in rippetysje-jûn net wer mei de meidieling: 'Nije wike healwei achten ha wy rippetysje yn de timmerwinkel fan Willem de Wilde 'hoechde te kommen. De muzykferiening hat al yn de nije seal oefene en it hie bliken dien dat de akoestyk yn oarder wie. Yn syn tankwurdsje helle Dijkstra noch efkes de wurkers oan: Firma de Haan en syn ûnderoannimmers, Iepenbierre Wurken Dongeradiel en in grut tal frijwilligers út it doarp.

Grutter

De oanwêzigen koene doe it hiele gebou ris besjen. Foar de mei-oprjochters fan 1959, de hearen Zondervan en Weidenaar en de froulju Van der Meer en Van der Ley, ek oanwêzich dizze middei, moat dit in bysûndere erfaring west ha: in nije seal, en in folle gruttere keuken mei opslach-romte, in gruttere gymnastykberging en in grutte hal mei prachtige bar.

Yn de grutte seal wie in lytse útstalling ynrjochte mei dokuminten út de histoarje fan 'De Terp'. Aardich dêrby wiene de earste rekkentsjes fan it doarpshûs yn 1965. Lang ferdwûne middenstanders kamen wer foar it ljocht: de bakkers Siem Heeringa en Mark Boersma (dy leveren doe noch 50 gebakjes foar f 14,-), molkman Haike Kingma, kafee Groen en L. Sijtsma, better bekend as 'it koopman-tsje' mei syn rekkens op kaartsjes. De jûns kamen der wer in protte minsken nei it doarpshûs foar in soarte fan Iepen hûs. Mei in muzykje op de eftergrûn be-seagen de Nijtsjerksters it gehiel. Sa seagen se ek dat de f 335.000,- nedich foar de ferbou, byienbrocht wie troch de Provinsje mei f 125.000,-, De Lauwerskrite mei f 75.000,-, de gemeente Dongeradiel mei f 55.000,-, it Julianafûns, Anjerfûns, Van den Sandheuvel, Sobbe en de P.W. Janssens Friese Stichting soargen foar f 40.000,- en it doarp makke it bedrach kompleet.

It measte súkses dizze jûn lykwols hie de film út 1965, dêr't neist it bouwen oan 'De Terp', in protte (âld-)Nijtsjerksters op te sjen wiene.